

Utjown troch de
Nasjonale Geastelike Ried
fan de Bahá'ís fan Nederlân,
Riouwstrjitte 27, Den Haech.

Hwerom leauwe?

Rounom om ús hinne sjogge wy foaroardiel, erchtinkendheit, freze en haet. Hoe kinne wy op dizze ierde yn frede mei inoar libje as wy inoar net mei bitrouwen tomjitte komme kinne? Nei alle gedachten hat der nea in tiid west dat de alles oerhearskjende bihoeftte oan ienheit dúdliker wie as op 't heden!

It is net oerdreaun om to sizzen dat der mar ien útwei is út dizze wrâld fan haet en wanbitrouwen: de útwei fan mei inoar oparbeidzjen en ienheit. It liket hast net to dwaen en brek de barrikades ôf, dy't wy sels oprjochte hawwe - barrikades tusken lannen en folken, tusken de forskillende rassen, tusken de standen, tusken ús en ús neisten.

Hwer fine wy in macht, dy't sterker is as de spjalten dy't ús skiede? God skoep de minsken foar in doel, foar in aloan trochgeand better wurden.

De iennichste dokter, dy't de wounen fan de wrâld genêze kin, is in Godlike Dokter.

Mozes

Lang lyn spriek Mozes ta it minskdom mei de stimme fan God. Hy joech de minskheit de Tsien Geboaden, de Wet fan God. Dat joech tige greate foroarings. Syn folgelingen waerden suver ien yn in sterk leauwen, in leauwen dat it harren mûglik makke om to bisykjen, neffens de Tsien Geboaden to libjen. Mar it is slim en folgje de wetten van God op, en aloan mear waerd de Wet fan God fordy't faek stuollen op tradysje, foaroardiel en byleauwe.

Kristus

Doe stjúrde God in nije Boadskipper: Jezus Kristus. Hy brocht de Joaden yn it sin, dat de Tsien Geboaden in Wet wie, fan God jown.

Hy bisiele de minsken opnij ta neilibjen fan de Wetten fan God en Hy iepenbiere de nije Wet foar dy tiid: de leafde en forjefenis dy't God foar ús hat, en dy't wy minsken inoarren ek bitoane moatte.

Neistenleafde is net sa mar in moai gefoel, it is it Wollen fan God. En hoe hawwe wy alle-

gearre tsjin dit gebot sûndige!
Hat der ea in tiid west dat it
mear nedich wie dat God dit
gebot herhelle?

Mohammed

En God spriek troch Mohammed.
De Arabieren yn syn tiid wiene
minsken fan mar in lyts bytsje
biskaving. Mar Mohammed, troch
de krêft fan it Wurd, de bisie-
ling en it foarbyld fan Syn
libben, brocht Syn folgelingen
op sa'n biskavingspeil dat hja
bygelyks de earste universitei-
ten stifte hawwe.

Hy learde de ienheit fan God:
der is mar ien God en God is
ûndielber. En hy learde de
minskheit, dat gehoarsumens
oan de geboaden fan dy iene God
de earste eask is foar in
bistean, dat in minske wurdich
is.

Yn de rin fan de jierren barde
lykwols wer itselde. Nei't er
yn it earstoan in ûnbidige krêft
yn de goede rjochting west hie,
forlear de Islam syn bisieling
ta ienheit troch it útlizzen fan
it Wurd troch minsken, dy't,
hoewol't hja fêsthâlde oan it
Boek fan God, yn 'e wurklikheit
fêsthâlde oan de letter ynpleats

fan oan de wiere bitsjutting
fan it Wurd fan God.

Bahá'u'lláh

En wer hat God sprutsen ta it
minskdom.

Goed hûndert jier lyn libbe der
yn Perzië in Man dy't forkundige
dat Er de Boadskipper fan God
wie foar dizze tiid. Alle Pro-
feten hawwe it hawn oer in
Wrâldlearaer dy't God stjûre soe
yn in tiid fan ellinde, haet
en godleazens.

Dizze Taseine is:

BAHA'U'LLAH.

Bahá'u'lláh is in Arabysk wurd
en it bitsjut: Hearlikheit fan
God.

Bahá'u'lláh hat ús net allinne
werombrocht ta de geboaden fan
God dy't al earder iepenbiere
waerden, mar Hy hat ús boppedat
iepenbiere: de Wil fan God foar
dit Tiidrek.

God syn gebod foar nou is:

Ienheid

It minskdom moat him forienigje;
wy moatte alle grinzen, bihei-
ningen en foaroardielen fan ús
ôflizze en ús hecht en duorjend
mei inoar forbine.

Bahá'u'lláh leart ús de ienheit
fan alle religys; it is tiid dat

wy ús der biwust fan wurde dat God ta ús sprutsen hat troch in great tal Boadskippers; dat hwat dy Boadskippers ús jown hawwe yn wêzen ien en itselde is: it Wurd fan God.

Wy minsken hawwe net allinne dizze ienheit fan de religys net erkenne wold, wy hawwe ek noch elke godstsjinst yn in soad sekten fordield.

Wy hawwe ús fêstklamme oan ús eigen miening en eigen útlizzings ynpleats fan ús oan de wiere bitsjutting fan it Wurd fan God to hâlden en it nei to kommen.

De Iepenbiering fan Bahá'u'lláh bringt de minskheit in nije bisieling, dy't it har mûglik makket en libje mei it Wurd fan God.

De leare bout fierder op it Wurd fan Mozes, Kristus, Mohammed en oare Boadskippers en jowt de nije Wet foar dizze tiid - de Wet fan Ienheit.

In mannich gronbigjinsels:

- Ienheit fan God en Syn Profeten.

God is ien en ûndielber.

Syn Boadskippers binne yn wêzen ien en hawwe ús troch de

ieuwen hinne, oanpast oan ús formogen ta bigripen en de omstannichheden, de kennisse fan God brocht en ús Syn Wil iepenbiere.

- Ienheit fan alle religys.
De grounslach fan alle religys is deselde: de Wetten fan God, lykas bygelyks de Wet fan 'e leafde.
- Ienheit fan it minskdom.
Elke minske is skepen nei it byld fan God, hwat sizze wol: yn elke minske lizze de Godlike eigenskippen. It jinsels fan mear wearde achtsjen fanwege greatere kennisse of in oare kleur fan jins fel is in miskenning fan de ienheit fan it minskdom.
- Godstsjinst en wittenskip moatte oerienstimme.
Godstsjinst en wittenskip binne twa wegen om tichter by de wierheit to kommen. Se folje inoarren oan en moatte mei inoarren yn oerienstimming wêze. Beide liede ús aloan fierder: wittenskip troch ûndersyk, godstsjinst troch iepenbiering.
- Lykweardigens fan man en frou.
Neffens it grounbigjinsel fan de

ienheit fan it minskdom moatte man en frou as folslein lykweardige, inoar oanfoljende minsken mei inoar oparbeidzje.

- Selsstannich sykje nei de wierheit.

De tiid is kommen dat nimmen fan ús sûnder eigen ûndersyk de idéalen fan syn foarfaers oannimme mei. It is ús hillige plicht en ûntdek sels de wierheit.

- Algemien forplichte opfieding. As elke minske minstens lêze en skriuwe kin, is er by steat en ûntdek sels yn de boeken de wierheit.

- Folsleine oerwinning fan foaroardielen. Foaroardielen wurde troch de minske sels skepen. Hja foarmje de barrikade dy't de erkenning fan de ienheit yn foarskaet fan it minskdom tsjinhâldt. De forskillende rassen en nasjonaliteiten jowe weardefolle kleur oan it gehiel.

- Wrâldfrede.

Duorjende frede kin ta stân komme as alle minsken biwust harkje nei de Wil fan God en dêrnei dogge.

Alle problemen kinne yn oerliz

oplost wurde, as de minske de ienheit fan it minskdom mar heger stelt as it eigen ik.

Wrâldgemienebêst mei Wrâldhelp-tael en Wrâldgerjochtshôf. De ienheit fan it minskdom moat liede ta it oprjochtsjen fan in Wrâldsteategoun, dêr't alle naesjes, rassen, godstsjinsten en klassen duorjend yn foriene binne en dêr't ynstien wurdt foar de autonomy fan de lidsteaten en de persoanlike frijheit en it inysjatyf fan de boargers.

Bahá'í | Leauwe

Bahá'í wêze bitsjut: erkenne dat God ús liedt troch de Boadskip-pers fan alear en de Boadskip-per fan dizze tiid: Bahá'u'lláh. It Bahá'í leauwe is yn likernôch alle lannen forspraet en telt syn folgelingen ûnder alle rassen en alle klassen.


Yn hûndert jier hat it sjen litten dat it de bisieljende krêft bisit om it hert fan de minsken to foroarjen. Rounom op 'e wrâld bisykje de Bahá'ís de troch Bahá'u'lláh iepenbiere lear yn praktyk to bringen nei Syn Wurd: "Wierhaftich leauwe is: in bytsje

wurden en in oerfloed oan dieden". Bahá'í wêze bitsjut mei wurd en died de ienheit fan it minskdom stypje. In ienheit dy't alline troch mei inoar oparbeidzjen, bitrouwen en leafde ta stân komme kin.

It Bahá'í leauwe ken gjin preesters, dûmnys of pastoars; de minskheit hat har fierder ûntjown yn de rin fan de ieuwen en elkenien is nou by steat en forplichte de wierheit sels to ûntdekken en der nei to libjen.

De geboaden fan God binne to finen yn de boeken fan Bahá'u'lláh - en de boeken fan God steane iepen foar eltsenien. Hwat oars as de gerjochtichheit fan God kin ús helpe yn in wrâld dêr't safolle ûngerjochtichheit is? Yn Syn leafde foar de minskheit hat God ús opnij in Boadskipper stjûrd.

Hy hat ús yn tige dúdlike tael witte litten hwat der fan ús forlange wurdt. Gods Wil is iepenbiere - it stiet oan ús en gehoarsumje Him.



"Ik tsjûgje, o myn God, dat Jo my skepen hawwe om Jo te kennen en to oanbidden.

Ik bitsjûgje op dit pas myn machteleazens en Jou macht, myn earmoede en Jou rykdom. Der is gjin oare God as Jo, de Helper yn need, de Troch-Himsels - Bisteande."

Bahá'u'lláh

Wurden fan Bahá'u'lláh

"De ierde is mar ien lân,
dêr't alle minsken de boar-
gers fan binne."

"Men moat jin der net op
biromje jins heitelân leaf
to hawwen, mar men moat der
in eare yn stelle de wrâld
leaf to hawwen."

"Alle minsken binne skepen om
in aloan greater wurdende
biskaving út to dragen."

"It is de plicht fan alle fol-
ken op 'e wrâld om har skelen
by to lizzen en yn folsleine
ienheit en frede to libjen."

"Hâld jo net mei josels
dwaende. Lit de forbettering
fan de wrâld en de opfieding
fan de folken jou doel wêze."

"Wit dat yn elk tiidrek en el-
ke Godsbiskikking alle Godlike
oarderingen foroare wurde en
wizige oerienkomstich de eas-
ken fan 'e tiid, útsein de
Wet fan 'e Leafde dy't lyk in
boarne altyd rint en nea oan
foroaring bleatsteld is."

"Forkear mei de folgelingen fan
alle godstsjinsten yn in geast
fan freonlikens en kammeraet-
skip."

"It Tabernakel fan Ienheit is
oprjochte; biskôgje inoarren
net as frjemden. Jim binne de
fruchten fan ien beam en de
blêdden fan ien tûke."